

Vragen gesteld door de leden der Kamer, met de daarop door de regering gegeven antwoorden

1618

Vragen van de leden **Romke de Jong** en **Podt** (beiden D66) aan de Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties over *het bericht «Joana Duarte wil Nederlander worden met een Friese eed (maar of dat mag, is de vraag)»* (ingezonden 19 januari 2023).

Antwoord van Minister **Bruins Slot** (Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties) (ontvangen 20 februari 2023).

Vraag 1

Bent u bekend met het bericht «Joana Duarte wil Nederlander worden met een Friese eed (maar of dat mag, is de vraag)»? Zo ja, hoe beoordeelt u de desbetreffende berichten?^{1, 2}

Antwoord 1

Ja. De Wet gebruik Friese taal maakt dat mogelijk. Het recht om de eed, belofte of bevestiging in het Fries af te leggen is beschreven op de website van de rijksoverheid³.

Vraag 2

Herkent u de berichtgeving dat de uitvoering van artikel 10 van de Wet Gebruik Friese Taal (WGFT) in voorkomende gevallen te wensen overlaat?

Antwoord 2

Ik herken de berichtgeving. Het komt wel eens voor dat organisaties bij de uitvoering niet bekend zijn met artikel 10 van de Wet gebruik Friese taal.

Vraag 3

Erkent u dat de wetgever met het toevoegen van de artikelen 24 tot en met 30 van de WGFT beoogt heeft naast de uitspraak van degene die de eed dan wel belofte aflegt ook de tekst in het Fries te formuleren?

Antwoord 3

Ja

¹ Leeuwarder Courant, 18 januari 2023

² De vragen zijn ook in het Fries meegezonden naar het ministerie

³ Link: Wanneer mag ik het Fries gebruiken? | Rijksoverheid.nl

Vraag 4

Hoe beoordeelt u het gebrek aan specifieke bepalingen voor de Ambtenarenwet en de Verklaring van verbondenheid?

Antwoord 4

Bij de beantwoording van uw vraag ga ik ervan uit dat met specifieke bepalingen wordt bedoeld dat in de wet een Friese tekst is opgenomen van de gehele eed, bevestiging of belofte.

De tekst voor de ambtseed is niet opgenomen in de Ambtenarenwet zelf, maar in de bijlage bij het Uitvoeringsbesluit Ambtenarenwet 2017. Daarin is de ambtseed opgenomen, die per overheidswerkgever verschilt en voor de provincie Fryslân en enkele gemeenten ook in het Fries is opgenomen. Voor zover niet de gehele tekst in het Fries in een wet is opgenomen, is het op grond van artikel 10 van de Wet gebruik Friese taal mogelijk om de bekrachtiging in het Fries uit te spreken.

De verklaring van verbondenheid wordt door een persoon afgelegd voordat het Nederlanderschap wordt verkregen. De tekst van de verklaring staat in artikel 23, tweede lid van de Rijkswet op het Nederlanderschap. Artikel 10 van de Wet gebruik Friese taal geeft in Nederland de mogelijkheid om de tekst «Zo waarlijk helpe mij God almachtig» of «Dat verklaar en beloof ik» in het Fries uit te spreken.

Vraag 5

Bent u bereid in aanloop naar de nieuwe Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur u in te zetten voor de gelijkwaardige positie van beide Rijkstalen bij het afleggen van een eed, verklaring of belofte?

Antwoord 5

Ik ben bereid me in te zetten voor een gelijkwaardigere positie van de Nederlandse en de Friese taal bij het afleggen van een eed, verklaring of belofte. Daarom zal ik, vooruitlopend op de nieuwe Bestuursafpraak Friese taal en cultuur, op korte termijn per brief aan de Friese gemeenten de toepassing van de Wet gebruik Friese taal bij het afleggen van een eed, verklaring of belofte verduidelijken.

De Wet gebruik Friese taal borgt dat een persoon ter uitvoering van een wettelijk voorschrift de bekrachtiging van een eed, belofte of bevestiging in het Fries mag afleggen. Daarnaast maken artikelen 24 tot en met 30 van de Wet gebruik Friese taal het mogelijk de gehele eed, belofte of bevestiging in de Friese taal uit te spreken. Dit geldt voor de Advocatenwet, het Burgerlijk Wetboek Boek 1, de Wet beëdigde tolken en vertalers, de Gerechtsdeurwaarderswet, de Wet op de rechterlijke organisatie, de Wet op het notarisambt en de Wet rechtspositie rechterlijke ambtenaren. Ook het Uitvoeringsbesluit Ambtenarenwet 2017 borgt dat de gehele ambtseed in de provincie Fryslân en verschillende gemeenten in het Fries mag worden uitgesproken.

Vraag 6

Bent u bereid deze vragen in het Fries te beantwoorden?

Antwoord 6

Ja.

Hjirby bied ik jo de antwurden oan op de skriftlike fragen dy't steld binne troch de leden De Jong en Podt (beide D66) oer it berjocht «Joana Duarte wol Nederlanner wurde mei in Fryske eed (mar oft dat mei, is de fraach)». Dy fragen waarden ynstjoerd op 19 jannewaris 2023, mei skaaimerke 2023Z00573.

Fraach 1

Binne jo bekend mei it berjocht «Joana Duarte wol Nederlanner wurde mei in Fryske eed (mar oft dat mei, is de fraach)»? As ja, hoe beoardielje jo de oanbelangjende berjochten?

Antwurd fraach 1

Ja. De Wet gebrûk Fryske taal makket dat mooglik. It rjocht om de eed, de belofte of befêstiging yn it Frysk ôf te lizzen is beskreaun op de webside fan de Ryksoerheid⁴.

Fraach 2

⁴ link: Wannear mei ik it Frysk brûke? | Rijksoverheid.nl

Werkenne jo de berjochtjouwing dat de útfiering fan kêst 10 fan de Wet gebrûk Fryske taal yn foarkommende gefallen te winskjen oerlit?

Antwurd fraach 2

Ik werken de berjochtjouwing. It komt wolris foar dat organisaasjes by de útfiering net bekend binne mei kêst 10 fan de Wet gebrûk Fryske taal.

Fraach 3

Erkenne jp dat de wetjouwer mei it taheakjen fan de kêsten 24 oant en mei 30 fan de Wet gebrûk Fryske taal bedoeld hat om neist de útspraak fan dejinge dy't de eed of de belofte ôfleit, ek de tekst yn it Frysk te formulearjen?

Antwurd fraach 3

Ja

Fraach 4

Hoe beoardielje jo it gebrek oan spesifike bepalingen foar de Amtnerswet en de Ferklearring fan Ferbûnens?

Antwurd fraach 4

By it beäntwurdzjen fan jo fraach gean ik derfan út dat mei spesifike bepalingen bedoeld wurdt dat yn de wet in Fryske tekst opnommen is fan de folsleine eed, befêstiging of belofte.

De tekst foar de amtseed is net opnommen yn de Amtnerswet sels, mar yn de bylage by it Útfieringsbeslút Amtnerswet 2017. Dêr is de amtseed yn opnommen, dy't per oerheidswurkjouwer ferskilt en foar de provinsje Fryslân en inkele gemeenten ek yn it Frysk opnommen is. Foarsafier't net de folsleine tekst yn it Frysk yn in wet opnommen is, is it op grûn fan kêst 10 fan de Wet gebrûk Fryske taal mooglik om de bekrêftiging yn it Frysk út te spreken.

De ferklearring fan ferbûnens wurdt troch in persoan ôflein foar't it Nederlannerskip krigen wurdt. De tekst fan de ferklearring stiet yn kêst 23, twadde lid fan de Rykswet op it Nederlannerskip. Kêst 10 fan de Wet gebrûk Fryske taal jout yn Nederlân de mooglikheid om de tekst «Zo waarlijk helpe mij God Almachtig» of «Dat verklaar en beloof ik» yn it Frysk út te spreken («Sa helpe my God Almachtich» of «Dat ferklearje en ûnthjit ik»).

Fraach 5

Binne jo ree om jo yn oanrin nei de nije Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer yn te setten foar de lykwaardige posysje fan beide Rykstalen by it ôflizzen fan in eed, ferklearring of belofte?

Antwurd fraach 5

Ik bin ree om my yn te setten foar in lykwaardige posysje fan de Nederlânske en de Fryske taal by it ôflizzen fan in eed, ferklearring of belofte. Dêrom sil ik, foarútrinnend op de nije Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer, op koarte termyn yn in brief oan de Fryske gemeenten de tapassing fan de Wet gebrûk Fryske taal by it ôflizzen fan in eed, ferklearring of belofte ferdúdlikje.

De Wet gebrûk Fryske taal boarget dat in persoan om in wetlik foarskrift út te fieren, de bekrêftiging fan in eed, belofte of befêstiging yn it Frysk ôflizze mei. Dêrneist meitsje kêst 24 oant en mei 30 fan de Wet gebrûk Fryske taal it mooglik de folsleine eed, belofte of befêstiging yn de Fryske taal út te spreken. Dat jildt foar de Advokatewet, it Boargerlik Wetboek 1, de Wet beëdige tolken en fertalers, de Gerjochtsdoarwarderswet, de Wet op de rjochterlike organisaasje, de Wet op it notarisamt en de Wet rjochtsposysje rjochterlike amtners. Ek it Útfieringsbeslút Amtnerswet 2017 boarget dat de folsleine amtseed yn de provinsje Fryslân en ferskate gemeenten yn it Frysk útsprutsen wurde mei.

Fraach 6

Binne jo ree dizze fragen yn it Frysk te beäntwurdzjen?

Antwurd fraach 6

Ja.

De Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties,

De Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,

Hanke Bruins Slot